



'De dei lûkt nei de jûn'

90 2017 1994
Tekst en foto: JAN JONGSMA

"It each fan in ingel giet op ierde te gast, tocht mynhear Gabriel de oare deis, doe't er oan de Ryksstrjitwei stie en it ferkear acht sloech. Rigen auto's sûzen him fan wjerskanten foarby. Hy tocht der oer nei hoe't himmellingen safolle oars libje moasten yn in ivige lof. Skepsels fan himel en ierde hawwe wol in folslein eigen bestean. It rêstleaze fan de minske, dêr wisten de ingels net fan. . .

. . . Doe't der in frachtwein nei oan it trotwaar foarby dindere, sprong mynhear Gabriel kjel tebek. Sa wie er noch net earder bedrige. In ein fierderop seach er in âld minske de dyk oerstekken. Se waard troch in hege frachtwein nei it libben stien. No ja, it like de frachtwein, mar it wie fansels de man heech efter it stjoer. Wat langer hy der nei stie te sjen, wat mear fragen it by him oprôp. Hy krige op in momint sels langst nei de himelske frede en it harmoanysk sjongen."

Boppesteande twa fragminten komme út de yn de 1984 ferskynde roman 'De dei lûkt nei de jûn' fan Durk van der Ploeg. It ferhaal spilet yn Twizel, yn it boek Twifel neamd. Ien fan de sintrale figueren dêryn is mynhear Gabriel, de ingel dy't de

himel efkes ferruilet mei it doarp Twifel.

De yn 1930 yn Hoogkarspelberne en yn Ealsum opgroeide skriuwer Durk van der Ploeg debutearre yn 1959 as dichter. Doe ferskynde syn bondel 'Lok op eachlingte'. Letter soene der noch fjouwer fersebondels fan him útkomme. As proazaskriuwer debutearre er yn 1968 mei de roman 'In man en in minske'. Meielkoar ferskynden der trettjin romans en novelles fan him. Ien dêrfan skreau er yn it Hollânsk: 'Een vers graf' (1974). Dêrnjonken hat er nochal wat koarte ferhalen skreaun. Ferline jier kaam in kar-út dêrfan út yn de bondel 'Gjin plak op ierde'. It binne ferhalen dy't er yn in tiidrek fan 35 jier skreaun hat.

Durk van der Ploeg hat altiten yn it krantefak sitten en is in pear jier lyn mei de VUT gongen. Sûnt dy tiid is de yn Feanwâlden wenjende skriuwer tige produktyf. Hiel bekend is syn Dongeradiel-syklus, in rige fan fjouwer romans dy't om Dokkum hinne spylje. De oarloch nimt yn alle fjouwer boeken in wichtich plak yn. De rige bestiet út: 'De jacht' (1988), 'It wrede foarjier' (1994), 'Reis nei de Kalkman' (1995) en 'It lekken oer de spegel' (1995). Syn oant no ta lêste roman, 'In bit yn it iis', kaam in goed jier lyn út.